

PARSEBERJOCHT

3 july 2019

Nije programmearring skûtsjesilen by Omrop Fryslân

Omrop Fryslân komt mei twa spesjale programma's om it skûtsjesilen hinne. Fan sneon 27 july ôf is der trije wiken lang fan 14.00 oere ôf in telefyzjeprogramma mei folslein en streekrjocht ferslach fan de wedstriid mei live kommentaar fan start oant finish. Ek jûns komt in spesjaal programma werom op telefyzje. Fan 18.20 oere ôf sjocht Omrop Fryslân yn 'Skûtsjesilen 2019' werom op de wedstriid fan de dei.

Fierder is yn it jûnsprogramma it wedstriidferslach te sjen, it ferhaal fan de dei, reaksjes fan skippers en in sfearferslach út it wedstrydplak. Einredakteur Janjelle Ringnalda: "Ferline jier diene we yn Fryslân Hjoed ferslach fan it skûtsjesilen. Sa'n grut Frysk evenemint fertsjinnet lykwols in eigen programma. Op dizze wize is it ek better te finen foar ús sjoggers, sawol op telefyzje as online." De presintaasje leit by de SKS yn hannen fan Roelof Lousma, by de IFKS presintearret Afke Boven.

It wedstriidferslach is alle dagen om 18.50 nochris los te sjen op telefyzje.

Fan start oant finish op telefyzje

Fan sneon 27 july ôf is it skûtsjesilen alle wedstriiddagen live te sjen by Omrop Fryslân op telefyzje. Fan start oant finish is de wedstriid folslein te folgjen mei streekrjocht kommentaar. By de SKS wurdt it kommentaar fersoarge troch skipper en mearfâldich kampioen skûtsjesilen Eelke Dykstra en Omrop Fryslân ferslachjouwer Freark Wijma. By de IFKS leveret Eelke Dykstra it kommentaar tegearre mei Simone Scheffer fan Omrop Fryslân.

Online is it programma ek gewoan te folgjen fia Omropfryslan.nl/live. Op radio fersoargje Geartsje de Vries en Gjalt de Jong it kommentaar.

It skûtsjesilen by Omrop Fryslân

14:00 oere: it skûtsjesilen live by Omrop Fryslân op telefyzje

18.20 oere: 'Skûtsjesilen 2019' mei Roelof Lousma en Afke Boven

18.50 oere: it wedstriidferslach by Omrop Fryslân op telefyzje

Op radio is it skûtsjesilen alle dagen fan 14.00 oere ôf te folgjen yn de deistige programma's. Online is it te folgjen fia Omropfryslan.nl en de Omrop-app.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

3 juli 2019

Nieuwe programmering skûtsjesilen bij Omrop Fryslân

Omrop Fryslân komt met twee speciale programma's rondom het skûtsjesilen. Vanaf zaterdag 27 juli is er drie weken lang vanaf 14.00 uur een televisieprogramma met volledig en rechtstreeks verslag van de wedstrijd met live commentaar van start tot finish. Ook 's avonds komt een speciaal programma terug op televisie. Vanaf 18.20 uur kijkt Omrop Fryslân in 'Skûtsjesilen 2019' terug op de wedstrijd van de dag.

Verder is in het avondprogramma het wedstrijdverslag te zien, het verhaal van de dag, reacties van de schippers en een sfeerverslag uit de wedstrijdplaats. Eindredacteur Janjelle Ringnalda: "Afgelopen jaar deden we in Fryslân Hjoed verslag van het skûtsjesilen. Zo'n groot Fries evenement verdient echter een eigen programma. Op deze manier is het ook beter te vinden voor onze kijkers, zowel op televisie als online." De presentatie ligt bij de SKS in handen van Roelof Lousma, bij de IFKS presenteert Afke Boven.

Het wedstrijdverslag is iedere dag om 18.50 uur nogmaals los te zien op televisie.

Van start tot finish op televisie

Vanaf zaterdag 27 juli is het skûtsjesilen iedere wedstrijd dag live te zien bij Omrop Fryslân op televisie. Van start tot finish is de wedstrijd volledig te volgen met rechtstreeks commentaar. Bij de SKS wordt het commentaar verzorgd door schipper en meervoudig kampioen skûtsjesilen Eelke Dykstra en Omrop Fryslân verslaggever Freark Wijma. Bij de IFKS levert Eelke Dykstra het commentaar met Simone Scheffer van Omrop Fryslân.

Op internet blijft het skûtsjesilen ook gewoon te volgen, dat kan via Omropfryslan.nl/live. Op radio verzorgen Geartsje de Vries en Gjalt de Jong het commentaar.

Het skûtsjesilen bij Omrop Fryslân

14:00 uur: het skûtsjesilen live bij Omrop Fryslân op televisie

18.20 uur: 'Skûtsjesilen 2019' met Roelof Lousma en Afke Boven

18.50 uur: het wedstrijdverslag bij Omrop Fryslân op televisie

Op radio is het skûtsjesilen iedere dag vanaf 14.00 uur te volgen in de dagelijkse programma's. Op internet is het te volgen via Omropfryslan.nl en de Omrop-app.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.